

Swingel 4

Frysk op ynternet 3

Frysk op gearkomsten

Fan buten besjoen

Jabik oer Jabik fan de Bij

Frieslands oudheid

Fryske reklamepriis 2000

Fyk, kryst diner

Geskiedenis oin aigen taal

Spektakulair muzykteater

Frysk op ynternet of internet?

Bauke Nicolai

De staveringshifker fan de Fryske Akademy jout gjin útslútsel. Sawol by ynternet as internet krij ik in read grimeltsje ûnder myn tekst. Ik brûk beide foarmen dêrom mar wat trochinoar.

Al wer in stikje oer dat ferdealde ynternet sille jo faaks tinke mar ik sil ek it kommende jier oanhâlde as storein as it giet om it brûken fan it Frysk yn in medium dat sa stadichoan alle aspekten fan it maatskiplik libben rekket.

Tryater

Wat is der oan nijs te melden? Tryater, ien fan de pronkjes fan ús provinsje, is on-line. Mei in trijetalige side dy't besjen lije kin. Spitich genôch hawwe se der foar keazen om de folseine side út te fieren yn 'Flash', in grafyske technyk, dêr't de lêsberebers fan de teksten wat ûnder te lijen hat. Mar fierder alle hulde foar dizze flitsende en tige folsleine Fryske side. [Www.tryater.nl](http://www.tryater.nl) is in oanwinst.

Omrop Fryslân

De side fan Omrop Fryslân komt ek hyltyd better út de ferve. De 'redaksje nije media' dy't ferantwurdlik is foar sawol Omrop Fryslân tekst-TV as www.omropfryslan.nl, docht it goed. Op de side fan de Omrop is alle dagen mear as oardel oere nijs fia Real Player te belústerjen. In prachtige kâns foar Friezen (fier) om utens om it nijs yn Fryslân in de eigen taal te folgjen. Jo moatte wol in ridlik nije P.C. hawwe mei audio-fasiliteiten. Koartlyn is boppedat in diskusjefoarum oan de side taheakke dêr't besikers har miening jaan kinne oer aktuele saken.

Gemeenten yn Fryslân

By Gemeenten yn Fryslân dringt stadichoan it besef troch dat it meast Friezen binne dy't har melde oan de digitale loketten. Nei Smellingerlân, wurdt der op dit stuit wurke oan Fryske ferzjes fan www.skarsterlan.nl,

www.boarnsterhim.nl en www.wunseradiel.nl . De Afûk, sels on-line op www.kultuerside.nl, spilet dêryn in wichtige rol.

Fryske Skriuwers

It tal Fryske skriuwers mei in eigen ynternetside nimt ek ta. Fia <http://www.flmd.nl/auteurs.htm> hawwe jo, neist de ynformaasje dy't it FLMD jout, ek tagong ta de privee-siden fan ûnder oaren Albertina Soepboer, Cornelis van der Wal en Joop Boomsma.

ANWB rûteplanner

Op ANWB-city, sa't se www.anwb.nl neame, binne se noch net by de tiid! De rûteplanner, paadfiner sa't jo wolle, is noch altyd net fuorre mei offisjeel yn it Frysk fêststelde plaknammen. Hoewol't Burgum al sûnt it midden fan de jierren tachtich gjin Bergum mear hjit, komt de ANWB-rûteplanner mei dizze tekst as ik it paad fan Burgum nei Jirnsum opfreesje: "De plaats Burgum in Nederland kan niet worden gevonden op de kaart. Het kan zijn dat de plaatsnaam niet juist is gespeld. Gebruik de officiële spelling van de plaatsnaam in het betreffende land.....". In Fries dy't him dêr earder al drok om makke hie, stjoerde in mailtsje nei de klante-service fan de ANWB en krige it folgjende antwurd:

"Hoewel het Fries een officieel erkende taal is, hebben wij ervoor gekozen de namen te gebruiken die wij in het verleden ook gebruikten, echter begrijp ik uw vraag en wij zullen dan ook trachten zowel de Friese als de oude namen te gebruiken, ondanks het feit dat deze oude namen zijn vervangen."

No, is 't net prachtich!

Swingel 4, 2000

Frysk yn gearkomsten

Arjen Versloot

In setsje lyn ûntstie wat opskuor yn de gemeente Dongeradiel, doe't wethâlder Oosterhof net yngean woe op in fersyk om op it Nederlânsk oer te skeakeljen yn in gearkomste. Dêr is yntusken genôch oer sein. Troch dat foarfal waard noch al ris dúdlik makke dat yn in twatalige provinsje de taalkar in punt fan diskusje wêze kin. En dat is op himsels winst. It is blykber langer net fanselsprekkend dat Frysktaligen har yn publike gearkomsten altyd ferbrekke moatte. Oosterhof waard letter al op 'e fingers tikke troch in gemeentlike klachtekommisje, mar dat gie net sasear oer it brûken fan it Frysk as wol oer syn presintaasje.

Foar de Ried rekket dit ien fan de kearnpunten fan ús taak en doelstelling,

nammentlik de lykberjochting fan Frysk en Nederlânsk yn ús provinsje. Fan de Wurkgroep Topografyske Nammen út - dy't yn dit gefal efkes in Wurkgroep Frysk yn Gearkomsten wurden is - binne prikken yn it wurk setten om dit struktureel oan te pakken. It like ús handich as eltsenien yn Fryslân sa'n bytsje wite soe wat jins rjochten binne. En dat minsken dy't geregeldwei gearkomsten foarsitte soks goed foar it ferstân hawwe en wite hoe't se, as de taalkar as probleem steld wurdt, dêrmei omgean moatte, mei respekt foar elk syn rjochten en winsken en sûnder ûnnedige emoasjes op te roppen.

Wy wurkje dêrom oan in lytse brosjuere, dêr't dy saken yn it koart op in rychje set wurde. It befettet aansjen in koart oersjoch fan de útgangspunten, rjochten en prinsipes dêr't wy hjir yn Fryslân sa'n bytsje fan útgean kinne. Faaks noch wichtiger is it twadde part fan it struiblêd dêr't konkrete oanrekommandaasjes yn steane foar as ien de fraach stelt "kan dit ook in het Nederlands?" Wat moat in foarsitter dan, hoe heine jo soks op? Sintraal sille stean it respekt foar inoars persoan, it rjocht om Frysk te praten, likegoed as Nederlânsk en de wil om te kommunisearjen.

Sa'n struiblêd moat uteraard ferspraat wurde. In earder produkt fan ús wurkgroep, de Standertlist fan plaknammen yn Fryslân, hat syn paad aardich fûn en wurdt op in soad redaksjes en siktariaten wol brûkt fernimme wy al. Sa moat it hjirmei ek wurde. Wy binne yn kontakt mei in oare organisaasje yn Fryslân om dit goed publikelik bekend te meitsjen en dêr omtinken foar te freegjen. Dat sil nei alle gedachten likernôch ein april/begjin maaie wurde. Wy hâlde jo op 'e hichte. As it goed is hat tenei elke foarsitter ús struiblêd yn syn festjebûse.

Swingel 4, 2000

Fan bûten ôf besjoen

Hans Weijer

FNP wenst regels voor gebruik Fries

In kop yn de Ljouwerter, dy't my tink net allinnich opfoel. Ik tocht: "Dy binne der dochs al?"

Hawar, dochs mar efkes lêze. In stikje, bêste minsken, om wier muoilik fan te wurden.

Per gemeente fêstlizze wannear't nije ynkommelingen achte wurde it Frysk ferstean te kinnen.

De iene gemeente is ommers de oare net. Nee, dank je de koekoek en wat tochten jo fan in gemeente as Smellingerlân mei plakken as Drachten, Nyegea en Rottefalle om mar ris in sydpaad te neamen. En wat fan de iene en de oare minske?!

Koartsein, in 'flut' idee; gau ferjitte!! Of soe de FNP yn 'it jier fan Maxima' as doel hawwe om de wjerstân tsjin it Frysk te maksimalisearjen.

Jou better guon bestjoerders in kursus yn sosjale feardichheden. Wat oars is fansels, dat in net-Frysktalige ek sizze kin: "Ik heb dit niet begrepen, kunt u dat verduidelijken?". Dat komt wat better oer as: "Kan het ook in het Nederlands?". De 'Ates' en de 'Marloezen' mar mei-elkoar op kursus liket my en doch dan de 'Aalsens' der om my ek mar by.

Ien noardlike provinsje?

Kwisfraach: Neam trije provinsjes yn Nederlân mei in dúdlik eigen identiteit? Wat in sleauwe fraach! Dat binne fansels: Groningen, Drenthe en Fryslân, sil elkenien sizze.

Doe wie der in Keamerlid, dy't doe't de dage oer de loft gie begûn te kraaien: In nije ieu, in nije dei, ien nije noardlike provinsje!

De wrâld hold de siken, de dize luts op en it Noarden siet op de kast.

De Kommissaris dy't it tichts by syn pensjoen sit, in âld-minister fan definsje, gong daliks yn it definsyf. Foar Omrop Drinte sei er it in flutidee te finen om krekt fan dizze trije provinsjes, mei har eigenheden en elk in eigen taal, ien nije provinsje te meitsjen. Enerzjyfergriemen sei er. Gearwurkjen kin it mei ta.

De oare beide, wat jongere, Kommissarissen hawwe net sa bot reagearre, faaks rûke se harren kâns: Underkening fan it Noorden des Lands
Der waard fansels wer skreaun en wreaun. Radio en televyzje heakken der op yn. Folle net genôch.

Soe it trouwens goed wêze foar it Frysk?

Perfoarst net, mar ek net foar it Drints en it Grinslanners.

En dat, Pieter de Groot, hat neat mei fijânsbylden te krijen, mar mei de praktyk. Nammentlik dat it Frysk dan út it bestjoersdomein ferdwynt, wol ferdwine moat, of der moat mei tolken wurke wurde.

Faaks soene der ekonomysk foardielen te beheljen wêze. Ja, faaks al, mar it libben is mear as ekonomy allinnich!

Swingel 4, 2000

Efkes yn 'e kunde komme.

Jabik oer Jabik fan de Bij

Op trije maart 1941 bin ik yn 'e lannen tusken Bitgummole en Menaam berne. It wie doe oarloch en ús hûs stie yn de oanfleanrûte fan de fleanbasis. Us mem hat my letter wolris ferteld dat as it der yn 1944 bot om wei gong, ik wolris ûnder de tafel krûpt bin, mar neffens my ha ik der neat oan oerhâlden. Oan 'e ein fan de oarloch binne wy nei de Wâlden (Sumar) ferhuze, ús heit en mem fielden har dêr dochs better thús as op 'e Klaai, hoewol't wy letter ek

noch yn Winsum en Warten wenne ha. Us heit wie by de boer, sadat wy wol gauris ferfarden.

Myn legere skoalletiid ha ik foar it grutste part yn Bûtenpost trochbrocht. Dat wie fuort nei de oarloch. Myn earste ûnderfinings mei de skoalle (en it Hollânsk) wiene net sa botte posityf. Foar myn seisde jier hie ik eins allinne Frysk om my hinne heard (wy neamden dat doe Fries), útsein yn tsjerke, mar dêr begriep ik dochs neat fan. Op dy earste moarn yn skoalle hat juffer Goijenga sokssawat sein as: "armen over elkaar". Us mem hie my dat thús net leard. Ik begriep echt net wat dat minske woe. Hja tocht dat ik in dwersbongel wie en fûn dat se dat fuort de kop yndrukke moast. Ik krige in pear fikse tikken mei it fjouwerkante liniaaltsje op myn knokkels. As it no fan de pine kaam as fan de skrik, dat wit ik net mear, mar ik siigde der hinne. Ik tink dat de juffer wol skrokken is. Doe't ik yn de tachtiger jierren dit ferhaal fertelde op in konferinsje op Aruba dêr't se my frege hiene om in pear lêzings te hâlden oer de twataligens yn Fryslân, wie dit foar de Papiamints pratende minsken hiel werkenber. Hja kamen yn it neipetear mei gelikense ferhalen oer it tichtplakken fan 'e mûle mei plakbân as se Papiamints praten, in hiele dei mei in buordsje om 'e nekke rinne moatte, in read krúske op 'e foarholle en noch oare gekkichheden om sa gau mooglik it Papiamints út te roegjen.

No sil eltsenien tinke dat dy juffer my fuort de Fryske Beweging yn slein hat. Dat is net sa. Lyk as alle Friezen seach ik dit as in stikje dat by it libben hearde. As bern libbe ik my bûten skoaltiid út yn de "petten" fan de Bûtenpostmer Mieden of waarden wy opjage troch de boskwachter fan it Feankleaster bosk. Oer myn takomst hoegde ik net sa bot nei te tinken. Myn kammeraat woe skoalmaster wurde, dus dat boarten wy faak. Hy waard dûmny. My like automonteur wol wat. Mar doe't ik yn de seisde klasse by master Jongasma yn Driezum/Wâlterswâld siet, fûn dy dat ik net nei de ambachtskoalle moast mar nei de Mulo. Dat ha ik doe mar dien yn Dokkum. Ik ha dêr it MULO-B diploma helle en tocht dat ik dêrmei wol nei de HTS (dat hiet doe noch MTS) koe. Mar de leararen fan de MULO fûnen my tige geskikt foar de Kweekskoalle. Der wie doe krekt in aksje om mear minsken foar it ûnderwiis te lûken ûnder de kreet: "Uw toekomst voor hun toekomst". Trochleare oan 'e Kweek wie goedkeaper as oan de HTS, dat kaam harren thús ek better út want ik wie de âldste fan fiif.

De Kweekskoalle wie in hiele gesellige skoalle, as jo dat fergelykje mei de MULO. De stúdzje wie net dreech, sis mar te maklik. Ik hâlde noch trije middeis oer om by bakker Krol te suteljen, sadat ik ek noch in bûssint hie. Op de Kweekskoalle diene se ek wat oan it Frysk. By master Jongasma hiene wy ien kear yn de wike in healoerke Frysklêzen, mar omdat ik dêr middenyn

fallen wie en der yn Bûtenpost neat oandien waard, hie ik der nochal muoite mei. Op 'e Kweekskoalle learden wy der net folle by. Ien kear op sneontemoarn in Iesoere Frysk wie net folle. Ik ha dêr wol myn frou troffen. Se siet by my yn 'e klasse en sy hat letter MU Frysk helle.

Myn earste baan wie yn Boarnwert, in twatalige skoalle. Ik krige earst de tredde en fjirde klasse mei 21 bern. In luzelibben, mar doe't myn kollega yn tsjinst moast, krige ik ien en twa der by. Doe hie ik 48 bern. De bern yn Boarnwert wiene noflik, eins wie dy klasse ien grutte húshâlding. De bern fan de earste klasse learden it lêzen en skriuwen yn it Frysk. Op de Kweek wie amper oer it twatalig ûnderwiis praat. Us leararen wiene foar it grutste part Hollânsktalich, dy bekroden har net sa bot om it Frysk.

In jier letter binne wy troud en nei Alkmaar ferhuze. Baukje krige in baan yn Sint Pancras en ik yn de stêd. Ik hie wer 48 bern yn de klasse mar dat wie al oar folk as yn Boarnwert. Ik ha dat earste jier wol op myn teannen rinne moatten. Fiif jier ha wy dêr wenne. In moai plak en eins woene wy dêr ek net wer wei, it foldie ús dêr skoan. Mar op in flat wenje mei in lyts jonkje, dat jo as in hûntsje útlitte moasten foldie ús net bêst. Yn dy fiif jier hie ik myn MU-A Pedagogyk helle oan de Gemeentlike Universiteit fan Amsterdam en ik wie hast klear mei MU-B oan de VU. Doe't se yn Snits in learaar fregen oan de Kweekskoalle ha ik der marris in tillefoantsje oan weage. In pear dagen letter wie ik beneamd en sa binne wy yn 1969 yn Snits bedarre.

Miskien hat Snits wol myn grutste learskoalle west. It wie dêr de gewoante dat alle moandaitemiddeis nei de lessen in leararegearkomste wie. De iene wyks gewoane saken oer de skoalle, de oare wyks in soarte fan foarmingsbyienkomst. Wy neamden dat didaktykgearkomsten. Ien fan de leararen hâlde dan in ferhaal oer in diel fan syn fak, of wy besprutsen meiïnoar in boek of artikel. Op de Snitser skoalle sieten in pear kollega's dy't tige pro-Frysk wiene. Sy ha my de eagen iepene foar de ûndergeskikte posysje dy't it Frysk hie. Mei elkoar ha wy der yn de santiger jierren doe't ik adjunkt wurden wie en letter direkteur fan de skoalle (dy hiet doe al De Him) in echte twatalige skoalle fan te makke. Dat is ús yn de tachtiger jierren ek slagge. Oeral yn de skoalle wiene de beide talen lykweardich: yn alle lessen (net allinne by it Frysk!), yn de gearkomsten, sawol mûnling as skriftlik.

Yn it begjin fan de santiger jierren ha ik myn stúdzje oan de Grinzer universiteit ôfsletten mei it doctoraal eksamen. Yn dy jierren wie ik bestjoerslid wurden fan it Pedagogysk Advysburo fan de Fryske Akademy, de begeliedingstsjinst dy't de twatalige skoallen stipe. Yn de tachtiger jierren bin

ik foarsitter wurden fan de 4e ôfdieling (ôfdieling Frysk) fan de Provinsjale Underwiisried. Yn dyselde snuorje wie ik lid fan de PKF (Permaninte Kommissje Frysk) dy't soargje moast dat it Frysk as ferplichte fak yn de skoallen goed ferrûn. Ik ha doe ek noch in tal applikaasjekursussen jûn om ûnderwizers oan it foech foar Frysk te helpen.

Yn 1982 mocht ik in lêzing hâlde op in ynternasjonale konferinsje yn Ljouwert oer "Role and function of a teacherstrainingcollege in a bilingual situation". Ik ha dêr it ferhaal fan De Him yn Snits ferteld en de mooglikheden dy't wy foar de takomst seagen. It is dêrom tige spitich dat troch de twongen skaalfergrutting dizze skoalle ferdwine moast. Lang ha ik my der tsjin ferset om op te gean yn in grutter gehiel, mar doe't it studintetal yn de minne jierren ûnder de 200 sakke (de opheffingsnoarm wie 250) moasten wy wol belies jaan.

Ik ha my dêrnei hielendal ynsetten foar de nijfoarme Kristlike Hegeskoalle Noard Nederlân dêr't ik yn it Kolleezje fan Bestjoer bedarre. Dat wurk ha ik mei nocht tolve jier dien. Op 1 jannewaris 2000 koe ik mei de Vut en bin no dus frijman. Neist it foarsitterskip fan it korps en Doarpsbelang yn Top&Twel bin ik op dit stuit lid fan de provinsjale kommissje foar it jier fan de talen, bestjoerslid fan de Fryske Rie, lid fan it haadbestjoer fan de FNP en bestjoerslid fan de NCREisV. Foar dy lêste organisaasje ha wy ferline jier in kampearreis troch Roemenië útsetten, dy't wy dit jier as reislieders útfiere sille.

Dernjonken bin ik mei in kollega dwaande ûndersyk te dwaan nei hâldingsferoaringsen foar it Frysk oer yn it fuortset ûnderwiis. Dus "frij man", it hat der oan.

Swingel 4, 2000

Ferskynd: Frieslands oudheid

Hans Weijer

Het rijk van de Friese koningen, opkomst en ondergang fan Dr. He(rre) Halbertsma, besoarge fan prof. E.H.P. Cordfunke en drs. Herbert Sarfatij.

It mânske, moai bylkjende, boekwurk is in yngeande bewurking fan it proefskrift mei deselde namme dêr't Halbertsma yn 1982 op promovearre is. De ynhâld is by de tiid brocht troch tal fan feroaringsen oan te bringen, wylst Halbertsma guon parten, benammen dy oer de tsjerke-opgravings yn Grins, Bedum en Utert, op 'e nij skreaun hat.

It wurk is foarsjoen fan in protte yllustraasjes en kaartsjes, in wiidweidige bibliografy en twa wiidweidige registers, ien op geografyske nammen en ien op persoansnammen.

No gaadlik foar in gruttere groep fan lêzers mei niget oan skiednis en dan benammen oan dy fan de earste 1000 jier fan it Fryske gebiet fan it Swin oant de Weser fan de prehistoarje ôf oant yn de midsieuwen. Foar wa't noch djipper dolle wol, sil yn de bibliografy en yn it grutte tal noaten efteryn it boek, it paad grif witte te finen.

Halbertsma, dy't yn 1920 yn Snits berne is, is yn 1949 yn Grins ôfstudearre yn midsieuske skiednis, mei as byfakken argeology en Aldfrysk. Om't er de loyaliteitsferklearring as studint net tekenje woe hat er yn 'e oarloch skoften ûnderdûkt west.

Nei syn pensjonearring yn 1985 as ûnderdirekteur fan de Rijksdienst voor Oudheidkundig Bodemonderzoek hat er de bewurking fan syn proefskrift folút oppakt. De publikaasje fan dit boekwurk hat Halbertsma net mear meimeitsje mocht. Hy ferstoar op 3 desimber 1998.

It boek is ferdield yn trije dielen, folge troch in epilooch en in Ingelske gearfetting:

Diel I De Friezen in de vroeg-Romeinse tijd

Te begjinnen mei de Friezen en de Frisiavonen, komme wy fia de Germanen, it Castellum Flevum (Velsen), de lânseigen folken yn de delta, Drusus, de striid oan de rivier de Eems, Corbulo, by Veritus en Malorix en harren reis nei it Rome fan keizer Nero.

Diel II Friesland in de middeleeuwen: het deel aan deze zijde van de (Oude) Rijn (Frisia citerior)

Nei in beskriuwing fan de sitewaasje yn de súdlike kuststreek mei Flamingen, Antwerpenaren, Friezen en Sieuwen, folget it keningstiidrek mei de keningen Aldgisl en Radbod, de striid mei de Franken om de macht, it ferliezen, weromwinnen en úteinlik dochs kwyt reitsjen fan dat gebiet oan de Franken en it evangelisearjen. Fierder in wiidweidige beskriuwing fan de ferhâldingen yn de oanswettende gebieten.

Diel III Aan de overzijde van de (Oude) Rijn, Fresia ulterior: Friesland
Fan de grinzen fan it Frankyske Ryk, Westergoa en Eastergoa, giet it fia Willibrord, kening Radboud, Bonifacius, Dokkum, Willehad, Taverter (Dimter) en Liudger nei de blije Bernlef.

Epilooch

Dêr wurdt feitlik in gearfetsjend histoarysk oersjoch fan de beskreaune perioade jûn.

Guon fan syn mienings binne tige nijsgjirrich, mei om't se net troch alle deskundigen dield wurde. Halbertsma giet der bygelyks fan út:

- * Dat Gerulf, de stamheit fan it Hollânske grevehûs, fan Westergoa komt.
- * Dat Fryslân yn dy perioade ien oaniensletten keninkryk west hat, dat rûn fan it Swin op 'e grins mei België oant de Weser.
- * Dat in net ûnderbrutsen tradysje de prehistoaryske 'Friezen' yn West-Fryslân en it Frysk - Grinslânske kustgebiet fia de Friezen fan Tacitus en dy fan Radboud ferbynt mei de Friezen fan no, in tradysje droegen fan ien trochgeande line fan - Fryske - slachten.
- * Dat it beskreaune Fryske keninkryk eins as in begjin fan de Nederlânske steat beskôge wurde kin.

Al mei al in boek, dat tige de muoite fan it lêzen wurdich is, ynsjoch jout yn dy perioade fan de skiednis fan Fryslân en foar in grut part ek fan it gebiet fan it hjoeddeiske Nederlân.

Boppedat is it, mei troch alles wat de auteur der omhinne ferteld, goed lêsber.

Fierder is it tige tagonklik makke en dêrom goed as neislachwurk te brûken. It boek is ynbûn en fan in prachtich omkaft foarsjoen. It formaat is 220 x 280. It tal siden 406.

It boek waard makke yn gearwurking mei SCHI, de Stichting Centrum Historische Instellingen mei stipe fan in grut tal ynstellings en is útjûn by Uitgeverij Matrijs yn Utert. ISBN nûmer 90 5345 1676.

De priis is oant 1 july 2001 f. 69,90; dêrnei f. 79,90.

Swingel 4, 2000

Fryske Reklamepriis 2000 Thomas Dijkstra

Damstra's fiskhannel yn Wâldsein is yn ien kear bekend wurden mei syn frysktalich radiospotsje: "Binne se klear? Jo kinne se sûgje!". De harkers fan Omrop Fryslân wiisden syn radioboardskip út de 5 nominearre foarbylden as de bêste oan. De grutske fiskboer koe dyselde jûns yn it gebou fan de Omrop út hannen fan reklamepriiskommisjefoarsitter Vis de publykspriis yn ûntfangst nimme. Hoe koe it ek oars; de man bea fuort dêrop de meiwurkers in protsje rikke iel oan. It wie wer safier: de útrikking fan de Fryske Reklamepriis 2000.

Prizen

De kommisje lit it oanwizen fan de priiswinners oer oan in ynstelde ûnôfhinklike sjuery. Dy bestiet út in fjouwertal saakkundigen. Sjueryfoarsitter is Jonkman , in taalman. Fierder ha in sit frou Wagenaar bekend fan it Stipepunt Frysk en de hearen Van der Zee , tillefyzjemakker en Dilling , reklamesjoernalist. Neffens harren hat foar it jier 2000 de spot fan

"Mediamarkt" de radiopriis fertsjinne en "Fryslân Tapijt" dy foar de tillefyzje. De sjuery hat it der mar dreech mei hân , sa liet foarsitter Jonkman witte, want fakentiids moasten hja kieze tusken orizjinaliteit oan de iene kant en kwaliteit - ek mei it each op it Frysk- oan de oare kant. De priis is in stimulearringspriis foar mear frysktalige reklames op radio en tillefyzje , mar de te nominearjen spots moatte wol kwalitatyf goed wêze. Sa kin it komme dat boartlikens wolris de trochslach jûn hat.

Subsydzje

Waard de Fryske Reklamepriis de earste jierren om it jier útrikt - de lêste kear yn 1999- fan no ôf oan sil de útrikking alle jierren barre. Soks is mei mooglik makke troch in aardige finansjele ynstruier fan de provinsje Fryslân. De kommisje , in ynysjatyf fan de Ried en de Freonen fan Omrop Fryslân , hat ferline jier nammentlik subsydzje krige foar de priisútrikking yn it ramt fan de regeling Befoarding Frysk Taalgebrûk. Op 6 febrewaris 2001 binne de oarkondes foar it winnende frysktalige of meartalich Fryske radio- en tillefyzjeboadskip oerlange oan de opdrachtjouwers. Elk kriget der in bedrach fan f5000,- oan fergese útstjoerminuten op ta. In prachtige perspeksfiguraasje is der foar it reklameburo dat de spot makke hat.

Troch dizze provinsjale subsydzje kin de wearde fan de priis oplutsen wurde fan f2500,- nei f5000,- . De kommisje is fan betinken dat, sil de priis effekt hawwe op it brûken fan it Frysk yn reklameboadskippen op radio- en tillefyzje, dan moat de priis ynhâldlik ek wat foarstelle . It moat de muoite wurdich wêze om de priis te krijen.

Taalkar

Foardat it oan de útrikking fan de prizen ta wie krige earst prof. Marinel Gerritsen it wurd oer it ûnderwerp 'Taalkar as reklameboadskip'. Neffens dizze professor bedriuwskommunikaasjewittenskippen út Nijmegen is de taalkar yn de reklameliteratuer in fergetten haadstik. Eins wat frjemd fansels, want it brûken fan it Frysk hjirre lûkt de oandacht fan de harkers. It boadskip falt op.

It ferstean is ek gjin probleem, omdat Omrop Fryslân in frysktalige stjoerder is en as men it Frysk net ferstean kin - en sa'n 94% fan de ynwenners fan dizze provinsje kin dit wol - dan binne der wol oare stjoerders. Dy 6 % sil wierskynlik nea op Omrop Fryslân ôfstimme.

It is ek net sa dat Ingelsktalige reklameboadskippen better te begripen binne. Yn har lêzing makke sij mei foarbylden dúdlik dat dit lang net altyd it gefal is. Der wie in grut ferskil tusken sizze dat jo it begrepen hienen en fertelle kinne wat de betsjutting fan de Ingelsktalige spot no eins wie.

Gerritsen seach allinne beswieren troch de hege oersetkosten fan de

(hollânsktalige) spots en it ûntbrekken fan goede Fryske wurden foar guon saken. Neffens my falt dit wol wat ta en as der ûnwissichheid bestiet oer de taal dan binne der ek noch de saakkundigen by de Fryske Akademy en de Afûk. It oersetten is lykwols net iens nedich as de spot daliks yn it Frysk makke wurdt. Ek foar goede 'stimmen' kinne jo by de Afûk oanklopje.

Effekt

Soe frysktalige reklame de omset fan in bedriuw of winkel ferheegje? Damstra út Wâldsein joech it antwurd: "De lju komme út hast de hiele provinsje nei ús ta; sels út de Wâlden wei komme se hjir hinne.". Damstra Wâldsein is yn ien klap bekend en de ferkeap fart der wol by. It wurket dus wol , omdat de minsken de frysktalige reklame as eigen en dêrtroch mear fertroud belibje. Dat ek oaren soks witte die wol bliken út in tal tillefyzjefoarbylden dy't wy te sjen krigen fan reklamespots yn minderheidstalen sa as it Welsk, it Bretons en it Baskysk. Rein Tolsma fan Omrop Fryslân joech yn syn ynliedend praatsje by dit ûnderdiel in tal sifers fan it oanpart fan frysktalige spots yn it totaal fan wat by de omrop útstjoerd wurdt.

Radio: 1997 17%

1998 15%

1999 10%

2000 19%

Fan de 159 tillefyzjekommersjals yn it jier 2000 wienen der sa'n 38 yn it Frysk . Sawat 25% dus. Al mei al in opstekker! Der sit in lichte groei yn en dat proses wol de kommisje fuortsterkje. De plannen foar de útrikking 2001 lizze al yn de weak.

Swingel 4, 2000

FYKNIjs: Krystdiner

Op 29 desimber wie it dan einliks safier: it krystdiner fan it FYK. As bestjoer woenen we ris wat oars as in nijjierssûpke. It idee fan it diner wie fan de leden út alris hearder oppere, dus wy tochten, we weagje it der op. De reaksje wie der net minder om! Sa 'n 35 minsken joegen har op, geweldich! Eva Herre wie ek mei in freondinne fanút Sealterlân.

De foarsitter hat de middeis de dei iepene mei in mearke út Itaalje. Om 16.45 ha we doe de fideo fan ` "No wy" sjoen dy 't Ydwine en ik makke ha foar Omrop Fryslân fan de útwiksel mei de Sloveenske Italianen. Alles kaam wer efkes foarby: Aldfrysk sekjerinne, spierspanne en gean sa mar troch. De minsken dy 't net mei west wiene, koenen sa dochs noch efkes genietsje fan de rike skiednis fan Aldfryske tradysjes! Hjernei is yn groepkes praat oer hoe 't

it FYK no is en hoe 't se it graach yn de takomst sjen wolle. Sybren Posthumus hat hjirnei fertelt oer it Welsh hûs yn Wales. Omdat we no ûnder oaren mei it FYK dwaande binne om in Frysk hûs te krijen, koenen we sa ris hearre hoe 't sy dat oanpakt hawwe. Der is doe ek noch diskusjearre oer de needsaak fan sa 'n hûs yn Ljouwert. Yntusken hienen in oantal minsken fan it bestjoer de konklúzjes, dy 't lutsen wurde koene út wat de groepkes opskreaun hiene, op papier setten. Nei de lêzing fan Sybren is dit presintearre troch Ydwine en Tsjerk.

Nei dit alles ha we it formele gedielte ôfsluten. Om in oer of 19.00 hie doe eltsenien wol sin yn wat, dus ha we doe mei syn allen iten. It wie in rinnend buffet, iederien wie doe al gau oan 't haffeljen oan de salades en de rys, ûnder it kersljocht moat dat fansels wol lekker wêze! Nei dit alles kaam de band Ramsk yn aksje. We sieten earst al efkes te sjen, sokke grutte boksen yn sa 'n lytse romte, at dat mar goed komt! En at it goed kaam..... It wie in grut sukses. Mei it earste ferske bestoarmden de FYK'ers de lytse dûnsflier en binne der ek net wer wei west. De fokale ûndersteuning fan Ydwine hat sels noch in T-shirt foar har oplevere. Oan 't de lytse oerkes is der dus noch efkes feesten yn de lange jurken en trijedielige pakken.

En nei middernacht de ôfwask dien te hawwen en opromme te hawwen wienen we dan dochs echt klear. (De Friezen en de Sealterfriezen blykten dit perfect dwaan te kinnen)....De dei wie slagge, oar jier mar wer!

De kommende aktiFYKteiten

We sitte as FYK seker net stil. It ôfrûne jier ha we folle aktiFYKteiten hân, mar dat hat ek wat opsmiten, ûnder oaren in soad nije leden. Wê't we op it stuit mei dwaande binne? It Peaskekongres yn 2002 yn Grou. Dat is in grut kongres dê't jongeren út hast alle minderheden út Europa hinne komme. De foarbereidingen binne al yn folle gang en it beloofd hiel wat moais te wurden. Wurkwinkels, útstapkes yn Fryslân, fergaderje en fansels ferskriklik folle wille mei elkoar ha. Minsken dy't earder nei sa'n kongres ta west ha, binne tekene foar it libben. Se binne hjirnei altyd sa entûsjast dat se noait wer fan dit firus ôf komme kinne. Fierder binne we dwaande om yn de hjerst in sjongkamp te organisearjen (Voices of Europe), komme de Slovenen dit jier nei Fryslân en wolle wy mei de jongeren fan it Keltysk-Frysk kamp Europa yn dizze simmer. Dit is sa in greep út de ynternasjonale projekten dy't op stapel steane. Dêrneist hawwe we fansels ek noch de aktiviteiten yn Fryslân, oftewol, it wurd wer in drok jier!

Swingel 4, 2000

Geskiedenis in eigen taal beskreven.

Aldert Cuperus

Op twintig oktober fan fleden jaar binne d'r in 't noorden fan Fryslân drie argeoloochise steunpunten opend der't de geskiedenis fan 't ontstaan fan Fryslân en 't Bildt (naast 't Hollâns) in de aigen taal, Frysk en Bildts, in de tintoanstellings en de fidio-prisintasy an de besoezers ferteld wort.

't Fan de grônd krijen fan argeoloochise steunpunten in Fryslân is 'n inisjatyf fan de prevînsy Fryslân. Met Europees geld fan Leader II, 'n Europese subsidyregeling die't bestimd is foor de ontwikkeling fan 't plattelând is, met geld fan de prevînsy Fryslân en ferskillende ândere gemeentes en ferenings 't noadige geld op 't kleed kommen om de steunpunten te realiseren.

Groate animator om de steunpunten fan de grônd te krijen is de prevînsiale argeoloog G.J.deLangen die't, at 't an him lait, 't niet bij deuze drie steunpunten late wil. Hij streeft d'r naar om in samenwerking met de 'Rijksdienst voor het Oudheidkundig Bodemonderzoek' over de hele prevînsy sokke steunpunten te krijen.

In elk steunpunt binne boeken en fyts-roeteboeken te koop die't handele over 't ontstaan en de de aigenhyd fan dat part fan Fryslân der't 't steunpunt festigd is.

't Eerste Steunpunt in deuze sery is festigd in 't besoezerssintrum fan de terp in Hegebeintum.

Arnold Carmiggelt het 't boek 'Begraven op de terpen yn Ferwerderadiel' skreven.

't Handelt over de beweunings geskiedenis fan 't Frys-Gruningse terpegebied. 't boek het as ondertitel 'It deadebestel yn midsieusk Fryslân ± 400-1200' metkregen.

In 5 hoofdstikken wort beskreven hoe't in 't terpegebied de beweuningsgeskiedenis fan Fryslân

en Grunningen weest het en de gewoantes en gebrúkken die't deur de tiid hine bij 't begraven opgeld deden..

't Tweede steunpunt in 'e rij is festigd in de konsestory fan de Ned Herformde kerk in Winaam.

"t boek dat Arnold Carmiggelt hierover skreven het as titel 'De Keningsterp fan Winaam' met as ondertitel:'de Fryske elite yn de iere Midsieuwen In dut boek wort de beweuning fan de terp

Tjitsma soa't die út de ondersoeken na foren komt beskreven. Ok ontbreekt de beskrijving beroemde fibula niet. Hewwe der nou wel of niet keunings weunt ? Maar in de Frise geskidens is d'r niet feul dat soa in 't skemer is as 't Frise koaninkryk tussen 't eand fan de sêsde en 't begin fan de achtse eeuw. In dut boek wort de onstaansgeskiedenis fan Westergoa op 'n hele

ansprekende manier útlaid..

't Dârde argeoloochise steunpunt in Fryslân is festigd in 't Bildts Kulturtoeristys Informasysintrum op 'e Syl. In de histoarise pândes ds. Schuilingstraat 4-6 het de tintoanstelling over 't ontstaan fan 't Bildt onderdak fonnen. Die is nou útbraid met 't ontstaan en de bediking fan de Middelsee of soa't deuze binnensee eertiids noemd worde de Burdine.

Krekt as in Hegebeintum is in 't BKI ok 'n fidio presintasy te bekiken en te belústeren der't de history en 't Bildts aigene an de besoeikers presinteerd wort.

Meindert Schroor het dat alles op 'n bisonder ansprekende manier beskreven in 't thema boek

Fan Middelsee tot Bildt.

't Boek begint met 'n oversicht fan de eeuwenlange striid fan de Friezen teugen 't water- 'n ferhaal dat al soa'n 2500 jaar leden begint. De nadruk lait evenwel op de lêste fase fan de bedikingsgeskiedenis en de late middeleeuwen en de froegmoderne tiid. Met de inpoldering fan 't Bildt worde ommers de kroan set op de bedikingsgeskiedenis fan Fryslân.

Alle drie de boeken binne útgeven deur útgeverij Uniepers, Abcoude Rijksdienst voor het Oudheidkundig Bodemonderzoek.

Se binne prachtig útfoerd en fersien fan talrike foto's en ôfbeeldings die't 't lezen tot 'n genoegen make.

De fertalings fan 'Begraven op de terpen yn Ferwerderadiel' en ' De 'Keningsterp' fan Winaam in 't Frys binne fersorgd deur de AFUK.

De omsetting, in 't Bildts fan ' Middelsee tot 't Bildt' is fersorgd deur Aldert Cuperus, Leendert

Ferwerda en Geryt D. de Jong. werfan at de leste syn werk niet meer ôf sien het, hij is 27 oktober sturven. Hem komt de eer toe dat hij, doe't 't d'r om spande at d'r wel fertalings komme souden, as foorsiter fan de Stichting Ôns Bildt, bij deputeerde Mulder plait het om de thema boeken ok in de aigen taal út te geven.

Deputeerde Mulder komt dank toe dat hij op dat fersoek poasityf aksy ondernommen het.

Fan alle drie steunpunten ferskine in 't kort nag fytsroeteboekys die't opnânder anslútte

Derover 'n ândere keer.

Wer't wij metnânder om dinke motte is at d'r nag meer argeoloochise steunpunten in Fryslân komme, dat dan die boeken weer in de aigen taal

omset worre !!

Bijskriften foto's:

Boek (nummer 1) is in samenwerking met de 'Stichting foar rekreaasje en toerisme yn de gemeente Ferwerderadiel' en de prevînsy Fryslân tot stand kommen. De sinten binne op 't kleeid brôcht deur: Gemeente Ferwerderadiel , prevînsy Fryslân en Leader II Lauwerslând

Boek (nummer 2) is tot stand kommen in samenwerking met en betaald deur Ferieniging fan Doarpsbelang Winaam, Prevînsy Fryslân en Leader II Lauwerslân.

Wat opfâlt is dat de gemeente Harlingen niet met betaald het, ok niet foor de Hollânse útgabe.

Boek (nummer 3) is tot stand kommen in samenwerking met Stichting Ôns Bildt en de prevînsy Fryslân. De sinten hierfoor binne op 't kleeid brôcht deur: Stichting Ôns Bildt, 't Bildts Kulturtoeristys Informasysintrum, Gemeente het Bildt en Prvînsy Fryslân.

Swingel 4, 2000

Dûbeldjerre, in spektakulêr muzykteater.

It muzykteater 'Dûbeldjerre', dat fan 20 oant en mei 22 april dit jier útfierd wurde sil yn Nijlân, hat fan de Provinsje Fryslân in subsydzje tasein krigen fan f 20.000,--. Earder al hie ek de gemeente Wymbritseradiel f 10.000,- subsydzje tasein foar dit bysûndere spektakel, dat ûnder de ferantwurdlikheid fan de Stifting AAIPPOP holden wurde sil.

De begrutting fan Dûbeldjerre giet oer de f 120.000,- hinne de dêrfan nimt AAIPPOP sels ek in grut part foar syn rekken. Foar it oare sil de begrutting rûn makke wurde mei de kaartferkeap, sponsoaren en subsydzjes fan oare fûnsen.

'Dûbeldjerre' is in spektakulêr muzykteater, dat betocht is troch Pieter Stellingwerf, ûnder oaren bekend fan SULT, en de Warkumer keunstner Henk de Boer fan de De Paupers.

It Frysktalige stik, wêryn't teater en muzyk, mar ek fideobylden ferwurke wurde sille, lit in mooglike takomst sjen. Stroom is op 'e bon, de enerzjyfoarsjenning yn hannen fan in de lytse groepke mei oan it haad de ûnberikbere Megawatt.

De kofjesetter is it ienige elektryske apparaat dat noch oer is en mar in pear oeren deis krije minsken stroom levere. It hiele libben is bot regulearre yn in

soarte fa 'Big Brother-sfear' en dat wurdt yn ien gesin bot op 'e kop set as in omke 'fan bûten' op besite komt.

In stik dus mei in knypeach, mar miskien ek wol mei in ernstige boaiem. Muzikaal wurdt dan ek noch in stikje skiednis fan AAIPOP deryn ferwurke. Ien fan de haadrollen yn 'Dûbeldjerre' is foar Jan Tekstra, de sjonger en komponist fan Heech.

De repetytsjes binne útein set en meikoarten sille ek de earste fideo-opnammen plakfine.

De stifting AAIPOP hat Pieter Stellingwerf en Henk de Boer de opdracht jûn dit muzykteater te
Jacobus Sibrandi Mancadan yn it Frysk Museum

Ljouwert - It Frysk Museum presintearret oan 't 8 april in seleksje fan de lânskippen fan Jacobus Sibrandi Mancadan (1602 - 1680). De wurken binne foar in part topstikken út de eigen kolleksje en foar part liend fan ferskate musea út binnen- en bûtenlân. De yn Minnertsgea berne Mancadan wurdt beskôge as grutste Fryske lânskipsskilder út de Gouden Ieu. Fan syn libben is net in soad bekend.

Jacobus Mancadan is benammen ferneamd fanwege syn berchlânskippen mei dêrop faak hoeders, rotspartijen, fee en ruïnes dy 't tinken dogge oan de Romeinske tiid..

Neist dizze Italianisearre lânskippen, skildere Mancadan ek Skandinavyske en Nederlânske lânskippen. Hy brûkte dêrby meast brune, grize en giele tinten, felle kleuren gie er út 'e wei. De skilderijen fan Mancadan hawwe gjin hoarizon. Oangeande de kleurstelling en komposysje fertoand it wurk fan Mancadan in soad oerienkomsten mei dat fan in groep keunstners dy 't yn it begjin fan de 17e ieu yn en om Haarlim aktyf wiene. By dizze groep hearre ûnder oaren Jan van Goyen (1596-1656) en Salomon van Ryusdaal (1603-1670)

It hat alle wierskyn dat Jacobus Sibrandi Mancadan sels nea yn Itaalje west hat. Hy helle syn kennis oer Itaalje dus earne oars wei. Nei alle gedachten hat er in soad wurk sjoen fan tiidgenoaten lykas Cornelis van Poelenburch en Bartholomeus Breenberg, dy 't beide in tal jierren yn Itaalje wenne hawwe. Fierder wiene der yn de 17e ieu in soad printen yn omgong mei ôfbyldingen fan klassike ruïnes. Wat Skandinavië oanbelanget wie Mancadan beynfloede troch it wurk fan Allaert van Everdingen (1621-1675), de ienige Hollânske keunstner dy 't yn de 17e ieu in reis nei Sweden en Noarwegen makke. By de útstalling yn it Frysk Museum binne tal fan printen te sjen dy 't it wurk fan

Mancadan beynfloede hawwe.

Jacobus Sibrandi Mancadan wie in ryk man. Fan 1637 oan 't 1639 wie hy boargemaster fan Frjentsjer. Syn ynkomsten krige hy benammen út ûnreplik guod. Ut syn testamint blykt dat Macadan rûnom yn Fryslân besittings hie.

Boarne: Frysk Museum

Swingel 4, 2000

Aaipop en Merakels apart

De lêste jierren wie der yn de Mande te Nijlân twa dagen foar Aaipop in Frysktalich bernespektakel mei muzyk, teater en poppespul ûnder de namme Merakels. De organisaasje hat besletten dizze twa eveneminten tenei net mear yn itselde wykein te hâlden. Aaipop bliuwt fansels op 2e Peaskedei. Op 15 april sil de 15e edysje fan dit Fryske popbarren losbarste.

Fan't hjerst, om krekt te wêzen op woansdei 24 oktober, sil de tredde edysje fan Merakels op 'e nij soargje foar in soad drokte yn Nijlân.

Leafhawwers fan Bricquebec kinne op 31 maart de lêste Aaipop Kafee meimeitsje yn de Herberch fan Nijlân.